

Auto parkeard op it Waad

SINT ANNAPAROCHIE – Troch in gekke aksje fan in autorider hat in auto dagenlang parkeard stien yn de Waadsee.

De auto stie in meter as tsien út de kust. De auto wie fan de 19-jierige Stan út Helmond. Hy ried mei freonen foar de grap oer it waad doe't it eb wie. "Ôfrûne sneon besletten wy fanút Helmond nei de Waadsee te gean. Doe't we by de dyk kamen, betochten we om in stikje oer it Waad te riden." Yn't earst oan gie it goed, mooglik ek troch de froastperioade. Mar doe't de jonges fierder út de kust kamen, rekke de auto fêst yn it slyk.

"We ha noch probearre om mei in oare auto myn wein út it sân te lûken, mar dat slagge net. En wylst kaam it wetter hieltyd tichterby."

Stan en syn freonen seagen dat de auto rjocht foar harren eagen hieltyd mear de Waadsee ynlutsen waard. "Der wie neat mear oan te dwaan." De jonges lieten harren auto oan syn lot oer. Wol rapportearren se it barren by de plysje. De 'waadwein' waard dêrnei in nijsgjirrichheid foar foarbygongers op de Waadseedyk.

De auto stie in oantal dagen hielendal fêst yn't slyk en kaam by heech wetter ek under de wetterspegel.

Rykswettersteat is net te sprekken oer de aksje. It giet om in kwetsber, beskermd natuergebiet wer't gjin auto's komme meie. Rykswettersteat sil de kosten fan de berging op de eigener ferhelje. "It wie in domme jongesstreek", sei Stan. "Ik ha spyt en sis ta dat ik it oplossen gean. Dat giet my dûzenden euro's kostjen."

Tongersdei is men in grut part fan de dei dwaande west om de auto út de Waadsee te heljen. "We ha earst in line oan de auto fêstmakke mei help fan in slykslide", fertelt in wurdfierder fan Rykswettersteat. In slykslide is in houten flonder wermei fiskers fûken ferpleatse oer it droechfallen waad. Mei in trekker is de auto nei de kant ta lutsen.



Bewerking artikel van www.rtlnieuws.nl/nederland/stan-19-reed-met-zijn-auto-het-wad-op